

2017-2018

It is hast sa fier!



Toanielferiening Fuort Mar Los bestiet 40 jier!

Dit fiere wy op **sneon 17 Maart om 20.00 oere** mei in pracht toanielfoarstelling mei in feestlik tintsje. (freed 16 maart 20.00 generale)

Wy spylje: **LAMELOS!** In blijspul skreaun troch Tjerk Kooistra, ynspirearre op de tillevyzje-searje 'Loenatik'. Yn psychiatryske klinyk Lamelos wenje fiif pasjinten: de Majoar, Beppy, Fats, Dr. Doolittle en Mefrou de Haas. Wylst de direkteur har benammen dwaande hâldt mei jildsaken, soarget Suster Tialde der foar dat de pasjinten harren pillen krije en fersoarget de stazjêre de kreative terapy. Wannear't de pasjinten te hearren krije dat Lamelos har doarren slute sil, komme se mei in lumineus plan.

Eltsenien is fan herte wolkom. De tagong kostet € 7,50 (bern €3,-). Op sneon 17 maart is der in ferlotting mei moaie priizen en nei ôfrin is der in stik muzyk fan de band **Hayfever**. Mei in grut repertoire fan rock n roll en sixties muzyk wurdt it gegarandearde feest! Lit jo ferrasse en kom nei Noflik foar in moaie jûn!

En dit is noch net alles...

Ek de **jongerein** fan Easterein sil dit jier wer in stik del sette. It stik 'Wat in heide, heite' fan Roel Klompmaker is bewurke troch **Theresia Zeinstra** en wurdt yn Easterein spile ûnder de namme '**Wat in greide, heite!**'. It is in fleurich stik mei oandacht foar de natoer. De jongelju sille op in frijwilligerswurkkamp ta behâld fan de Fryske natoer. Se kampeare 14 dagen yn'e greide, dit is it moetingssplak, dêr't wy mei harren yn'e kunde komme. Nijsgjirrich? Meitsje alfêst kennis mei Femke.

Ik bin Femke, in romantysk, dromerich typ. Se sjongt graach en se sjocht als it ware troch in rose bril. Yn it echt bin ek wol in bytsje sa. Ik hâld fan sjongen en bin ek wol in bytsje dromerich. Ik bin net sa romantysk fyn ik sels, ik fyn it sa'n leuk tonielstik omdat it erg bij us past, we binnen tieners en geane op kamp. Super leuk dus! Foar de rest kinnen we it hiel goed mei elkoar finen. We binne wol in hechte groep. It spyljen giet goed en we hawwe super regisseurs. Koartom it is in super leuke groep en in super leuk tonielstik.

Makke troch Hiltje Jellema.

Binne jo ek sa benijd nei Femke en alle belevenissen fan de jongeren. Kom dan FREED 23 Maart om 19.30 nei Nolfik Easterein! Kom op **freed 23 maart om 19.30** oere yn Nolfik Easterein. Tagong bern: €3,- . Folwoeksenen: € 5,-.

De ûndersteande foto's hiene jo noch tegoede, dizze wiene yn de foarige krante net goed ôfdrukt, mar wolle wy fansels noch graach mei jo diele.

Janneke Overal Spilet Miranda	Theresia Regy Elisabeth Assistint	Senay Sixma Spilet Jolien
----------------------------------	--------------------------------------	------------------------------



FUORT MAR LOS

Jongereintoaniel spilet



WAT IN GREIDE, HEITE!

14 bern op kamp midden yn de greide!

Freed 23 maart 19.30
yn Noflik Easterein

Tagong bern: 3,-
Folwoeksenen: 5,-
FOL=FOL

Rezjy en bewurking: Theresia Zeinstra
Rezjy assistint: Elisabeth Breeuwsma
Nei in stik fan: Roel Klompmaker

Spilers: Daniël van der Weerd, Elbrich Bouma, Judith van der Weerd, Anke Blanksma, Ridzert Veldman, Gerben Jellema, Hedwich Kooistra, Hiltje Jellema, Lisa van der Linden, Julia Bouma, Siebo Boersma, Janneke Overal, Senay Sixma, Susanna Sijbesma.

Meie wy jo foarstelle? Dit binne de spilers fan: Wat in greide heite!



**Kom allegear de foarstelling bewûnderjen op freed 23 Maart yn
Noflik Easterein!**

Judith van der Weerdt
Spilet Meike



Ridzert Veldman
Spilet Jelmer



Hedwich Kooistra
Spilet Anne



Elbrich Bouma
Spilet Teakje



Daniël van der Weerdt
Spilet Tako



Anke Blanksma
Spilet Marian



Lisa van der Linden Spilet Margriet	Gerben Jellema Spilet Jesse	Susanna Sijbesma Spilet Saskia
--	--------------------------------	-----------------------------------



Julia Bouma Spilet Berber	Boersma Spilet Pieter	Hiltje Jellema Femke
------------------------------	--------------------------	-------------------------



Janneke Overal Spilet Miranda	Elisabeth Assintinte	Senay Sixma Spilet Jolien
----------------------------------	----------------------	------------------------------



Wat in greide Heite,

Wy binne Judith en Anke en wy geane fertellen oer it jongerein toaniel fan dit jier. It stik gijt oer in stel jongeren die op in wurkkamp binne. Dat betekent elke dei ploeterje yn de greide mar jûns binne it echte feestvarkens en grapjassen. Mar stiekem wurd der ek noch wol ris wat flirten tusken de jongens en de famkes. It leukste fan dit jier fiene wy de samenwerking en de grapkes. De begelieders binne ek erg leuk en it is in leuke en hechte groep. Wat wy tusken de scénes troch dogge is it learen fan scénes en oefenje mar stiekem ek grakes meitsje. We binne hiel bliid dat wy dit jier ek wer toaniel hawwe kinne. Sûnder Theresia Zeinstra en Elisabeht Breeuwsma hiene wy dat dit jier net kinne dwaan, dus dêr binne we hiel dankbaar foar. En wy hoopje dat jimme allegear komme te sjen.

Groetnis fan Judith vd Weerd & Anke Blanksma

FUORT MAR LOS spilet LAMELOS

En fiert har 40 jierrich jubileum!



Freed 16 maart 20:00
&
Sneon 17 maart 20:00

Yn Noflik Easterein

Tagong bern: 5,00
Folwoeksenen: 7,50

Op sneon muzyk fan

Rock 'n' Roll and Sixties
HAYFEVER

Skriuwer: Tsjerk Kooistra * Rezjy: Trudy de Vos * Ynstekster: Ilke van Wermeskerken
Spilers: Baukje de Jong, Romine Jelsma, Jitske Veldman, Geert Couperus, Theo Jelsma,
Akke Veldman, Rigt Bergsma, Siebolt Bouma.